

Ús pake siet der hieltyd neist

Ús pake is hjir yn dit selskip bekend as in strider foar it Frysk yn de tsjerken. En dêrmei siet er der yn dy tiid neist. God woe gjin Frysk ferstean.

Fan myn Omke, de âldste soan fan Sipke Huismans, de heit fan de skilder Sipke Huismans, dy 't hjir ek yn ús fermidden is, haw ik begrepen dat ús pake der fierders ek ek faak neist siet.

Ús pake:

- wie ek in foarstander fan de blauwe knoop. De groep dy 't alcoholmisbrûk bestriet. Dat wie socialistys en net Bibels
- Hy stie posityf tsjinoer Patrimonium. Huzen bouwe foar earmen en abeiders wie ek socialistys en net Krislik.

Letter in Zevenhoven siet ús pake der ek wer neist:

- Hy gie te folle mei de Herfoarmde Dûmny om,
- Hy wie in foarstander fan it sjongen fan mear gesangen yn 'e tsjerke. Beide griffferkeard.
- Hy beskriuw yn it tsjerkeblêd hoe 't hy as dûmny yn 'e sleat rekke wie. Hy hie dêrmei it hege ambt fan dûmny troch it slyk helle.

As ik dat op my yn wurkje lit tink ik dat myn pake op dit stuit der wêr neist sitte soe. Hy soe bliid wêze mei dizze omsetting fan it Kristlik Frysk Selskip yn Krúspunt. Hy soe it doel, it evangeelje by de Friezen bringe, wichtiger fine as it middel, syn Selskip.

Fan dy selde Omke krige ik in blêdsje út Anjum, oergong 1912-1913. It is no presys hûnderd jier âld. Oan de iene side stiet it finansjeel jierferslach fan de Grifformearde tsjerke, oan de oare side in nijjiersgedicht fan ús pake foar syn gemeente. Ik tink dat it ek hiel goed past by dit ein fan it Selskip. Myn suster Dieuwke Rosalina, neamt nei de frou fan ús pake, sil it foarlêze.